

PARSEBERJOCHT

Jorwert, 13 maart 2009

Iepenloftspul Jorwert spilet yn 2009 'Tuskentiid'

Iepenloftspul Jorwert spilet fan 27 augustus oant en mei 26 septimber 2009 it stik 'Tuskentiid', De kaartferkeap set út ein op 30 maaie oanstearde.

Tuskentiid: de tiid fan it hjir en no

'Tuskentiid' (mei as ûndertitel: 'je moatte der yn leauwe') spilet him ôf om sinteklazetiid hinne, de tiid foar pakjes, gedichten en sûkeladeletters.... Yn in Fryske stêd, dêr't it libben gewoan syn gong giet en elk dwaande is mei syn eigen saken, strykt it mediasirkus út Hilversum del om ferslach te dwaan fan de yntocht fan Sinteklaas. Tsjin dy efrergrûn wurdt it sa stadichoan pynlik dúdlik dat elk likernôch deselde problemen hat. En dat elk dwaande is mei 'doe' en mei 'letter', mar ferjit te genietsjen fan it hjir en no, fan de tuskentiid.

Tuskentiid is in stik oer leauwen: yn mearkes, jinsels, de takomst en yn Sinteklaas...

Alde en nije gesichten

Yn Tuskentiid is der folop romte foar âlde en nije gesichten at it giet om de spilers. Sa binne der rollen foar ûnder oaren Douwe de Bildt, Wiepkje Castelein en Eke Born. Mar ek foar Marieke Swart en de Jorwerter Gouden Gurbe-winners Romke Gabe Draaijer en Wybo Smids.

Teater mei gefoel

Nei 'Jou my wjukken' stiet it Iepenloftspul Jorwert wer dúdlik op 'e kaart as it giet om teater rjocht út it hert, mei situaasjes dy't reitsje oan it libben yn in lytse mienskip. Ek yn dit stik leit regisseur Tjerk Kooistra wer de klam op de minske, de mienskip en it gefoel.

Kaarten foar 'Tuskentiid' binne fan 30 maaie ôf te keap fia de website fan it Iepenloftspul Jorwert (www.iepenloftspuljorwert.nl) en by de bekende foarferkeapadressen.
